

Parseberjocht
5 desimber 2016

Nederlands hierna >

Advyskommisje Gysbert Japicxpriis 2017 oansteld

Deputearre Steaten fan Fryslân hawwe yn har gearkomst fan hjoed de advyskommisje beneamd foar de Gysbert Japicxpriis 2017.

Dy bestiet út dichter Pieter Boskma, Gerlien van Dalen, direkteur fan de Stichting Lezen en toanielskriuwer Bouke Oldenhof. De priis sil takend wurde foar oarspronkelike Fryske poëzij út it tiidrek 2013-2016. Yn totaal binne der sa'n fjirtich dichtbondels om te hifkjen. De priis kin ek oan in folslein dichtersoevere takend wurde.

Yn juny 2017 wurde de nominaasjes bekendmakke. De priisútrikking is op **sneon 14 oktober 2017** yn de Martinitsjerke yn Boalsert. Sa't kultuerdeputearre Sietske Poepjes al oankundige yn har taspraak by de foarige Gysbertútrikking wurdt de priiswinner yn 2017 earst bekendmakke by de priisútrikking sels en net mear in moanne fan tefoaren, lykas oant no ta gebrûk wie. Dat is in wichtige fernijing fan de prosedure.

[Oer de Gysbert Japicxpriis en eardere priiswinners](#)

Pieter Boskma (1956) is dichter. Hy wenne oant syn trettjinde yn Ljouwert, dêrnei om utens. Hy die doktoraalexamen kulturele antropology yn Amsterdam yn 1985. Ein jierren tachtich hearde er by de jonge dichtersgroep Maximalen, dy't mear leven fan de dyk yn de poëzij ha woene. Syn meast bekende dichtbondel is it bejubele en ferskate kearen werprinte *Doodsbloei* (2010) oer de dea fan syn frou. Okkerdeis ferskynde syn fjirtjinde bondel, *Tsunami in de Amstel*. Syn gedicht 'Het hoogste lied' is diel fan de poëzijrûte Ljouwert en leit foar de Achmeatoer.

Gerlien van Dalen (1963) is sûnt 2009 direkteur fan Stichting Lezen, it lanlik sintrum dat him ynset foar lêsbefoarding en literatueredukaasje. Se studearre Nederlânsk en Keunstbelied yn Grins. Yn de jierren njoggentich wurke se by it Nederlands Literair Produktie- en Vertalingenfonds en hie Fryske subsydzjesaken yn portefúlje. Yn dat ramt folge se in tal jierren kursussen Frysk by de Afûk. Se wie foarsitter fan de 'Griffeljury' (2010-2012) en sjueryfoarsitter fan de 'Gouden Lijst' (2011-2013).

Bouke Oldenhof (1957) is toanielskriuwer, teaterprodusint, oersetter en resinsint. Hy studearre Nederlânsk en Frysk yn Grins en teaterwittenskip yn Amsterdam. Fan 1980-1989 wie er redakteur by literêr tydskrift *Hjir*. Hy wurke as learaar Nederlânsk en Frysk oan ûnder oare de learare-oplieding Ubbo Emmius. Fan 1991-1993 wie er koördinator literatuerbefoarding by it FLMD. Fan 1998 ôf is er full time selsstannich toanielskriuwer en oersetter. Oldenhof wurke ek mei oan literatuerhistoaryske boeken as de nije edysje fan it *Lyts Hânboek fan de Fryske Literatuer* en *Zolang de wind van de wolken waait*.